


Gedichten

Viktor Jakimovski



Fryske oersetting: André Looijenga

oarewurden
||| ||

drugizborovi
||| |

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



Kleureblyn

Net is de stilte by steat om
de tinzen út te sprekken
noait haw ik kleurboeken brûkt
inkeld de kleurtsjes brutsen
om myn manlikens te bewizen
tusken twa weagen reizgje ik
yn trije seeën wenje ik
ik fiel my ferlern yn it fleanen
om proai haw ik sûnt lang net mear socht
ik libje yn in hallusinaasje
dat ik yn eigen gaos oerlibje kin
myn libben is ientoanich komplisearre
bestiet út twa kleuren
en ik bin kleureblyn

Jim tafel is frij

Pasaia, wa soe wa misse
wannear't de weagen ús skiede
wannear't de dagen ús daagje
wannear't de skippen fuortfarre
wa soe de oantinkens hoedzje?
Arkupe!

Wat in nachten ha wy trochbrocht
en hoe'n soad wierheden bedronken!
Ferflokt is it om utens,
mar jitte mear ferflokt is de skjintme.
En do, wat hast my de wierheid optsjinne
hoe foegje ik dy yn dizze fersen
ast my net iens dyn namme sein hast?
Sil ik dy nammeleas beneame,
lit se my mar foar gek ferklearje
dat ik yn swijen om dy rop.
Myn fjouwerfuottige freondinne,
ek tegearre witte wy dat de tiid
de lege glêzen
net wer folje kin,
noch dat nije folle
ús tiid werombringe kinne.
Pasaia, Arkupe!
Arkupe, Pasaia!
As ik en de wierheid
sa de wyn en de poëzij.

Under dizze himel

Yn dit ljocht
ferlieze wy de wurden
ûnder dizze himel
betinke wy ferhalen
as rjochtfeardiging
foar ús bestean.
It tsjuster is ús
grutste krêft
ús grutste eangst
en ús grutste
fersin
dat dêrnei
nij ljocht komt.
De hoarizon spegelet
de tiid dêr't wy no libje
alles dêryn
is ús keninkrykje
dêr't wy allegear
ús eigen frijheid sykje.
Dêr't de geast en de tiid
ien binne
oant wy stadichoan
it hâldfêst ferlieze
oer ús lea.

Foar de dream

Yn dy jûnsoeren
dat troch ús bloed streame
oantinkens, bylden, emoasjes

Yn dy jûnsoeren
dat wy de dei ferlieze
hoopjend op in better moarn

Dat wy de klok fuorthelje
en yn ûnfolleine rêst
ús ferheugje op 'e folgjende
sinne-opkomst

Dan makket net út
wa't wy west ha
wa't wy wêze sille

Yn dy jûnsoeren
libje wy allinnich yn it no
libje wy ien mei de stjerren
en mei de moanne

Mei de tinzen op in sekonde
ôfstân fan de ûneinigens
libje wy de dream troch
foar't wy him dreame

Rein

Is dat soms in teken
dat ek de himel iensum is?
Of allinnich in gek soarte
boppenatuerlike wedstriid fan 'e drippen
wa't as earste delkomt op it doel?

Nuver!

As ik in drip wie
hie ik nooit wollen
dat ik nei ûnderen gie
en diel waard fan dizze gaos
neamd 'it minsklik libben'.

Ik soe lykwols freon wurde mei de fûgels
en soe opfleane mei harren frijheid.

(net)skreaune rigels

Ik wol úteinsette
mei in nij libbensbrief.
Myn dagen dat se wurde
útskreaune lyryk dy't
elkenien ferstean koe.
Myn moartiden dat se begjinne
mei in Haadletter
en as de jûnskimer komt
en it tsjuster hearsket
rûnom
dat ik it muorrelampke oanklik
en dat ik fierder borduer
oan nije leafdesbrieven
ûnder myn gelokstjer.
Mar as jim tafallich
in printflater ûntdekke
slaan dan gerêst it brief
om nei de oare side.
Dêr stiet –
de iennige redakteur is it libben.

Antwurd op in opdracht op s. 49

(Wa't it witte, witte it)

As ik de wurden witten hie
soe ik bewiisd ha
wat net skreaun is

Leech fiel ik my no
as de wolf op 'e syk
nei syn proai
sykje ik de wurden
ferburgen djip yn iensumens.

Op dit stuit, wit ik noch net wêr't ik se sykje.
Miskien soe yn in oare wrâld
it libben in moaiere skiednis kreëard ha?!

In soad fragen bliuwe efter ús,
yn dizze tiid faach
ha wy ús eigen ljocht útfûn.

Ach, libben...
As it net in skande is, dat ik freegje:
Wêrom hast te betiid ús paad yn twaën splitst
wylst beskikt wie dat wy ien binne?

Sels noch yn twa helten
opdiel...

Fort

Fierste jong bin ik foar grutte beloften
dy't dyn hert fol meitsje
al wachtest as in trouwe hân dat ik wat sis.
Easkje net fan my dat ik
as in falske foto hingje
oan de muorre dy't ôfbrutsen wurde moat.
Wy hawwe hân, wy sille ha, der bliuwe
dagen
dy't wy noait ferjitte sille.
Folslein genôch foar ús.
Wylst ik oan it lot oerlit
om my it libben yn te plannen
bin ik feroare yn in fort
dêr't út en troch
dyn oanwêzigens ek ûntbrekt.

Asto my soms fregest

Asto my soms fregest:

oft ik wier fan dy holden haw,

ik soe as beferzen stean, allinnich mar sjen.

Ik soe nei dy sjen, en yn myn holle

soene allegear antwurden trochinoar skodde wurde

mar ik soe noch hieltyd

sjen en swije.

Ja...

Myn antwurd is in ivich swijen.

Wy geane troch

Soms is it sa dat wy rinne
oer hite koalen dy't net
ophâlde ús te baarnen.
Mar wy geane troch,
want sûnder gleonens yn ús
ferwurdt it libben ta
ien beferzen ferhaal
omwuolle fan mist oan alle kanten,
sadat wy net sjen kinne
hokfoar skjintme om ús hinne leit
bûten dy tsjokke mantel
dy't ús útsjoch ynkoartet!

It lot – dreamen

Wy dreame gelok
mar dat bringt ús ek ûngelok!
Wy dreame in libben
mar dat ropt yn 't geheim de dea!
Wy dreame in dei
mar dy bringt ús ek nacht!
Wy dreame frede
mar dy wurdt ús ta ûnfrede!
Wy dreame paradys
mar eat liedt ús
nei de poarten fan 'e hel!
Wy dreame takomst
mar ús siele is fergiftige mei oantinkens!
Dat dan mar ophâlde mei dreamen?!

Dêr't ik bin, dêr bisto ek

Ik kin dy net mear fine
tusken de útskreaune bledsiden
fan dizze poëzij

Foar dy bestiet gjin metafoar
om't meast de moaie dingen
har net skriuwe litte

Dy fertsjinje net
om lange jierren stof te garjen
fergetten op 'e planke
fan in enerzjike lêzer
dy't se lizzen litte sil
sadree't syn maten him roppe om in bierke

Do bist alles wat út my komt
wannear't ik dronken bin
en alle ûnsin dy't ik útheef as ik nuchter bin

Somtiden ferskynsto yn in dream
ien reden mear dat
ik my hjoed ek fersliepe sil
en fan de regisseur freegje
dat er noch ienris ús sêne oerdocht

Hoefolle glimkes hat in minske nedich
dat er him genôch gelokkich fielt?

Mei dy is in momint al genôch
dat ik my ferlies yn ivich gelok
Mei dy ferliest grutskens alle doel
en alle besykjen

om mar efkes fan dy fuort
is hieltyd doelleazer

Do bist myn patetyk
dy't ek sûnder korreksje
wurdt ta suksesfol poëtysk gehiel
Do bist myn besef, mar ik, helaas
skriuw komselden nuchter

Ynhâldsopjefte en orizjinele titels fan de gedichten:

Kleureblyn (Далтонист)

Jim tafel is frij (Вашата маса е слободна)

Under dizze himel (Под ова небо)

Foar de dream (Пред сонот)

Rein (Дожд)

(net)skreaune rigels ((не)пишани правила)

Antwurd op in opdracht op s. 49 (Одговор на посвета стр.49)

Fort (Тврдина)

Asto my soms fregest (Ако некогаш ме прашаш)

Wy geane troch (Продолжуваме понатаму)

It lot – dreamen (Судбина – сонувања)

Dêr't ik bin, dêr bisto ek (Каде сум јас, таму си и ти)